

[0674]

IT SKRIUWERSKIP FAN AAGTJE IJSBRANTS

*Oebele Vries**Summary*

One of the most important Middle Frisian literary works of the eighteenth century is the anonymous prose work It libben fen Aagtje Ijsbrants (1779). Though in a letter of 1815 Eelke Meinerts (1732-1810) is mentioned as its author, this authorship has recently been contested. In this contribution it is pointed out that Eelke Meinerts is also mentioned as the author of Aagtje Ijsbrants in a book list of one of his friends of 1799. There is therefore no reason to doubt his authorship.

Yn 1779 ferskynde de earste printinge fan it Midfryske proazastik *It libben fen Aagtje Ijsbrants, of dy Frieske boerinne*. De namme fan de skriuwer waard dêr net yn neamd en dat wie allikemin it gefal yn de twadde útjefte (út 1808). Doe't de yn it Frysk ynteressearre Frjentsjerter heechlearaar Everwinus Wassenbergh (1742-1826) witte woe wa't de skriuwer fan dat wurk wie, rjochte er him ta de Nijlânder boer Sjoerd Simons Ypma (1746-1826). Neffens dy syn skriftlik andert (1815) wie dat Eelke Meinerts (1732-1810), auteur fan mear Midfrysk en ek fan Nederlânsktalich wurk¹. Ypma hie syn ynformaasje fan Jelle Sipkes van Teerns (1738-1823), dy't foar de twadde printinge fan *Aagtje Ijsbrants* ret hie. Yn syn skriuwen oan Wassenbergh jout er ek noch wat libbensbysûnderheden fan Eelke Meinerts.

No waard yn de literatuer *Aagtje Ijsbrants* op syn minst sûnt 1844 al oan Eelke Meinerts taskreaun², mar mei Ypma syn brief hienen wy, tocht my, in sterk bewiis fan syn auteurskip yn hannen. Likegoed stelde Ph.H. Breuker yn in stikje út 1977 ûnder de titel 'Is "Aagtje Ijsbrants" wol fan Eelke Meinerts?' dat it

¹. B. Folkertsma, *De stavering fan it Westerlauwerske Frysk yn de njoggentjinde ieu* (Grins, 1973; Estrikken 46) 40; O. Vries, "Eelke Meinerts (1732-1810). Syn libben op 'e nij bisjoen", *Us Wurk*, 25 (1976) 15. Oer Ypma: *Nieuw Nederlandsch Biografisch Woordenboek*, V (Leiden, 1921) spj. 1163. It jier fan syn ferstjerren is te finen yn: Ryksargyf Fryslân, DTB 878.

². P. Breuker, "Fan wa is *Aagtje Ijsbrants*?", *Us Wurk*, 29 (1980) 103-105 (skreaun yn reaksje op it hjirnei te neamen stikje fan Ph.H. Breuker út 1977). J.H. Halbertsma, dy't syn kennis oer Eelke Meinerts fan ien fan dy syn goekunden, jonker Willem Anne van Haren (1749-1835), hie, neamt him ek as skriuwer fan *Aagtje Ijsbrants* (J.H. Halbertsma, "Petrus Wierdsma, Petrus Brantsma en Eelke Meinderts", *De Vrije Fries*, 9 (1862) 301-326).

skriuwerskip fan dat wurk "net sa botte fêst stiet"³. Al in pear jier lyn, sa skriuwt er, wie troch him hinne gien dat Feike Hiddes van der Ploeg (1736-1790) wol ris de auteur wêze koe en wol om't *Aagtje IJsbrants* tige liket op Van der Ploeg syn *Mayke Jakkelis* (ferskynd yn 1778). Breuker syn wichtichst argumint tsjin Eelke Meinerts syn auteurskip is dat *Aagtje IJsbrants* wol troch deselde drukker printe is as it ûnder Eelke Meinerts syn eigen namme útjûne Nederlânsktalige wurk *De vernederde en verhoogde Josef* út 1778-1779, te witten Groenia te Dokkum, mar dat de útjouwers (Jeltema en Tophuizen te Ljouwert resp. Brouwer te Dokkum) net deselden binne. Dêrby is it neffens Breuker fan belang dat by de earsten yn alle gefallen sûnt 1777 ek wurk fan Van der Ploeg útjûn is. Hy wiist ek noch op ferskillen yn stavering - alteast fan wa wurden - tusken *Aagtje IJsbrants* en in fers fan Eelke Meinerts út 1779. Breuker jout ta dat dat alles gjin bewiis fan Van der Ploeg syn skriuwerskip is, mar "Hwa wit komt der nochris in brief fan in tiidgenoat oan it ljocht dêr't de Dokkumer dûmny [Van der Ploeg] as skriuwer yn neamd wurdt".

Yn 1986 is Breuker jitrisk op 'e saak yngien⁴. Hy neamde doe nòch in pear dingen dy't neffens him net foar Eelke Meinerts syn auteurskip fan *Aagtje IJsbrants* pleitsje: Eelke Meinerts joech syn printe wurk ûnder namme út, wylst *Aagtje IJsbrants* anonym ferskynd is; hy stie sûnt ca. 1777 ûnder ynfloed fan Gysbert Japicx, dêr't yn *Aagtje IJsbrants* net folle fan te fernimmen is, en hy hie it yn 1778-1779 te drok mei it korrijearjen (en ôfmeitsjen?) fan *De vernederde en verhoogde Josef*. Breuker seit net dat *Aagtje IJsbrants* fan Van der Ploeg is; hy slút allinne dy syn auteurskip net út.

Ik soe, yn reaksje op Breuker syn "beredenearre twivel", yn it foarste plak noch ris wize wolle op Ypma syn brief, dy't krekt oer de kwestje fan it skriuwerskip fan *Aagtje IJsbrants* giet. Jelle Sipkes, besoarger fan de noch by Eelke Meinerts syn libben ferskynde twadde printinge fan *Aagtje IJsbrants*, liket my perfoarst net in minne ynformant. Sa binne de libbensbysûnderheden fan Eelke Meinerts dy't wy yn Ypma syn skriuwen neamd fine, folslein krekt. Men moat wol mei hiel sterke tsjinbewizen komme om Ypma syn meidieling yn 'e kiif stelle te kinnen.

Der is lykwols mear. In goede kunde fan Eelke Meinerts wie de bekende lânbouwer Marten Easges of Aedsges (1742-1806), dy't sûnt 1776 yn de Ommelannen (Zuurdijk) tahâlde. It bêste bewiis fan har freonskiplike omgong is de nijjierswinsk dy't lêstneamde, foar 't neist yn 1780, oan Eelke Meinerts rjochte hat⁵. Fierders witte wy dat Marten Easges syn earste frou (Lysbet Douwes) en Eelke Meinerts syn oare helte (Lysbet Martens) nichten wienen en dat Eelke syn

³. *Ut de smidte fan de Fryske Akademy*, 11 (1977) nr. 4, s. 21.

⁴. Ph.H. Breuker, "Feike van der Ploeg (1736-1790). Libben, wurk en plak yn 'e Fryske letterkunde", *De Vrije Fries*, 66 (1986; 7-23, yn it bysûnder 16.

⁵. Utjefte: IJ. Botke, "Zoo nuttig in zijne kring als landbouwer". *Het 'Schrijfboek' van Marten Aedsges (1742-1806) Landbouwer te Zuurdijk* (Groningen, 1988) 121-122. Sjoch ek Vries, "Eelke Meinerts", 11.

broer Johannes Meinerts trouwd wie mei in suster fan Marten Easges syn earste frou (Jeikjen Douwes)⁶. No is it sa dat Marten Easges in "schrijf-boek" byhâlden hat, dêr't koartby in útjefte fan ferskynd is⁷. Dêr hat er ûnder mear ek in list yn opnommen fan de boeken dy't er yn 1799 hie. Lykas ik yndertiid oan 'e hân fan in eardere útjefte fan dy list al meidiel hie, wurde dêryn neamd: *De verhoogde en vernederde Jozef, Anskie de Friesche boerin en Welkomstwensk aan de prins*⁸. Ik ha der doe lykwols net mei safolle wurden op wiisd dat by alle trije oantekene stiet: "door Eelke Miender(t)s". Wylst wy fan Jelle Sipkes net mei wissichheid sizze kinne dat er persoanlik kunde oan Eelke Meinerts hân hat, witte wy dat fan Marten Easges wol. Om't mei *Anskie* sûnder mis *Aagtje IJsbrants* bedoeld wurdt (der binne folle mear titels ûnkrekt opjûn), foarmet de oantekening yn Marten Easges syn boekelist in hast noch ûnoantaastberder bewiis fan Eelke Meinerts syn skriuwerskip fan dat wurk as Ypma syn brief.

Yn Marten Easges syn boekekast stie yn 1799 noch mear Midfrysk, te witten *De tankbre boere zoon*, dat yn 1778 ferskynd is en wol, lykas *Aagtje IJsbrants* in jier letter, anonym. Wa't de skriuwer fan it earstneamde wurk wie, hat Marten Easges sa't it liket net witten, want hy jout de auteursnamme (Van der Ploeg) der net by op. Net yn Marten Easges syn besit wie in oar Midfrysk wurk, te witten *De Burkerij of it Boere Bedrief út 1774*, dat ek anonym útjûn is. Dat soe betsjutte kinne dat syn goekunde Eelke Meinerts dêr nèt de skriuwer fan is⁹, want men soe ferwachtsje dat Marten Easges dêr oars ek wol in eksimplaar fan hân ha soe. In bewiis is dat lykwols ek wer net.

It skriuwerskip fan *Aagtje IJsbrants*, sa soe ik konkludearje wolle, kin gjin twivel oer bestean: de auteur fan dat wurk is Eelke Meinerts.

⁶. Ferl. Vries, "Eelke Meinerts", 11.

⁷. Sjoch noat 5.

⁸. It giet om de titels 11, 26 en 46 (Botke, *Het 'Schrijf-boek'*, 99, 100). Ferl. Vries, "Eelke Meinerts", 12.

⁹. Ferl. Vries, "Eelke Meinerts", 15-17.